

## SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan	:	FNP Jikkie Ruiter Postma
Datum fan yntsjinjen	:	17-02-2021
Oan ( <i>kar</i> )	:	<input type="checkbox"/> It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
Ûnderwerp	:	Mienskipromte Nij Claerbergen Koudum
Wize fan beântwurding	:	<input type="checkbox"/> Skriftlik (binnen 30 dagen)
Datum tuskentiids antwurd ( <i>as it fan tapassing is</i> )	:	
Datum beântwurding	:	

### Taljochting:

“se doene mar wat” stie boppe in ynstjoerd stik yn de Warkumer krante Friso Op 5 jannewaris l.l. krigen de bewenners fan Nij Claerbergen in brief yn de bus mei de meidieling dat Patyna per 1 maart o.s. net mear de hierder wêze sil fan de mienskiplike romte bij Nij Claerbergen. Neffens de bewenners fan Nij Claerbergen is der net mei harren praten en is it fan boppen ôf oplein. Foar dizze bewenners no net langer mear klaverjasse, net mear gimmetike, biljerte, kofjedrinke op tiisdei of gesellich mei-elkoar ite op tongersdei as it aansens nei de koroana krisis wer mei. De FNP makket har grutte soargen oer gefolgen fan it ôfstjitten fan dizze foarsjenningen foar de âldere boargers.

### It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Is it kolleezje op ‘e hichte dat Patyna per 1 maart o.s. de hier opsein hat fan de mienskiplike romten bij Nij Claerbergen yn Koudum en dat Patyna der bij it oanfreegjen fan subsydzje hjirfoar net langer ferantwurde fynt?
	<u>Antwurd:</u> Patyna hiert de romte fan Woon Friesland. Wy jouwe as gemeente subsydzje foar it organisearjen fan aktiviteiten foar âlderen. Patyna hat ein ferline jier oanjûn gjin subsydzje-oanfraach foar 2021 yn te tsjinjen. Se joegen as reden dat alles stillei en bewenners sels no ek gjin aktiviteiten woene. Letter hat Patyna telefoanysk meidielt dat se fan plan wiene de hier op te sizzen en dat wy dêr as kolleezje noch yn in brief oer krije soene. Dy brief hawwe wy net krigen.
2.	De Bewenners fan Nij Claerbergen jouwe oan dat it harren mienskiplike wenkeamer wie. Der is net mei harren praten, it is harren fan boppen ôf oplein. Alles is fuorthelle... Is de wethâlder ree om yn besprek te gean mei de bewenners fan Nij Claerbergen om mei elkoar ta in oplossing te kommen? Mei oare wurden, net oer harren beslute, mar mei harren...
	<u>Antwurd:</u> De bewenners hawwe harren ûnnocht yn ‘e krante utere. Wy witte net oft der ûndertusken in petear west hat tusken de bewenners en Patyna. Hoewol’t wy gjin direkte petearpartner binne - wy hawwe ommers neat besletten - binne wy wol ree om mei te sjen mei de plannen fan ‘e ynwenners en te hearren hoe’t it ferrin fan ‘e kommunikaasje tusken de partijen west hat.

3.	<p>Mienskiplike romten ha in grutte sosjale rol yn it libben fan minsken yn fersoargingshuzen en oanleunwenningen. Sa ek bij de bewenners fan Nij Claerbergen yn Koudum. It soarget foar gesellichheid en it soarget der foar dat minsken elkoar moetsje. It is in wichtich ûnderdiel fan it foarlizzend fjild. De bewenners jouwe oan dat harren dat allegear ûntnommen is. De FNP fynt dat hjir aksje ûndernommen wurde moat troch bij gelyks stifting it Sociaal Collectief.</p> <p>Is der in mooglikheid om hjir yn it kader fan it foarlizzend fjild aksje te ûndernimmen om de mienskiplike romten bij Nij Claerbergen wer (opnij) te foljen mei aktiviteiten sa as mei elkoar ite, biljerte, in kaartsje lizze, gimmestykje en neam mar op.</p>
	<p><u>Antwurd:</u> Wy binne it mei jo iens dat inoar moetsje hiel belangryk is. Wy binne benijd wat de bewenners wolle en hokker oplossingen mooglik binne. Woon Friesland spilet, as eigener fan 'e romte, in rol. Der kin ek sjoen wurde wat De Klink betsjutte kin. It hinget ek ôf fan oft de frijwilligers harren aktiviteiten fuortsette wolle.</p>
4.	Ensfh.
	<p><u>Antwurd:</u></p>

**Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):**